

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



*t. Reekthuis te Oudega in Smallingelant 1721*



# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Utjouwer:  
Drukkerij R.I.J.O. b.v.  
Het Anker 7  
9206 AL Drachten  
Till. 05120 - 12468

Redaksje:  
L. de Jong, haadredakteur, It West 8  
M. Veenstra-Klasema, Eastersânning 5, till. 2514  
Foar it Doarpsomropperke:  
C.Bosma, Geasten 1. S. Bouma, Buorren 28A

KOPIJ FOAR DE ANKOMME DOARPSOMROPPER FOAR 16 MAART YNLEVERJE.  
DAT NUMER WURDT OP 30 MAART BYLANS BROCHT.



FRYSLAN

FERS

FAN'E REDAKSJE

Wat foar Aldegea?  
Aan de middenstand  
Smoargens

FERIENINGSNIJS

Feestjûn Doarpsbelang  
Fûgelwacht  
Damclub

IT WITTEN WURDICH

Begrafenisver.  
Petear mei Pietersma  
Skoaldamt oernooi

UT OARE BLEDEN

Boargemaster oan 't wurd  
Skoaldokters

YNSTJOERD

Amnesty-International  
Resept  
Samen op weg

FAN ALLES WAT

Te koop

SKIEDNIS

Alde foto  
Underwiis en skoalmasters II  
Ferbettering  
Dit wiene ek Aldegeasters

DOARPSOMROPPERKE

WURKLISTEN, TSJERKETSJINSTEN ensfh.

*Fryslân is myn libbens sin  
Fryslân ein is en begjin,  
Fryslân leit m' oan 't herte  
blidens is it, smerte.*

*Fryslân is de noarderstjer,  
alle nachten winkend wer,  
Fryslân, griene herne,  
skom – en weageberne.*

*Fryslân is it feilich hûs,  
Fryslân is it djip gerûs  
fan it beamt swierkrunich,  
Fryslân is de hunich.*

*Fryslân is de bitterheid,  
is it wurd dat alles seit.  
Dêr allinne is rêsten  
einlings en te 'n lêsten.*

(G.N. Visser, Jolm)

FAN'E REDAKSJE:

WAT FOAR ALDEGEA?

De measte lêzers fan de Doarpsomropper sille ik okkerdeis wol yn 'e kranten lêzen hawwe, en sa net dan wurde se it no gewaar, dat der oer net al te lange tiid mei in nij skoaltype út ein set wurde sil. It nije sil dêryn bestean, dat de fiertaal yn dy skoalle it Frysk wêze sil en dat it Hollânsk der learfak wurdt. Dat wol sizze dat de lessen jûn wurde sille yn 'e Fryske taal, útsein de lessen Hollânsk fansels. En no net fuortdaliks roppe fan: oeheden, dat kin net!

Wy moatte net de tinkflater meitsje as soe Fryslân it iennichste gebiet op 'e wrâld wêze, dat mei twa talen tangele sit. Want dat is net sa, it is sels sa, dat der net iens folle lannen binne, dy 't folslein ientalich binne. De measte lannen binne twa- of meartalich, Switserlân byg. is in fjouwertalich lân, nee echte



ientalige lannen binne der mar amper. Tink ek net, dat wy de iennichsten binne dy 't de problemen fan twatrigens goed oanpakke. Dat is ek net sa, gauris binne se ús foar yn oare lannen. Wy binne gjin foarop-rinders op dat mêd, dy tinkflater moatte wy ek net meitsje.

Mar om werom te kommen by dy boppeneamde Frysktalige skoalle, soe dat net wat foar Aldegea wêze? It liket net in ûngaadlik plak der foar. De befolking is hast homogeen Frysktalich en de learkrêften fan beide skoallen sille no wol it foech foar Frysk hawwe. De leden fan 'e bestjoeren en dy fan de âlderferienings moatte it mar ris ernstich yn har om gean litte.

d. J.

## AAN DE MIDDENSTAND VAN OUDEGA

Wanneer men zo de doarpsomropper doorbladert, valt het wel op hoe weinig er van de middenstand uit Oudega in ons blad wordt geadverteerd. In den beginne wel begrijpelijk na alle startmoeilijkheden van dit blad. Maar we verschijnen nu zeer regelmatig en 10 x per jaar, zodat we graag wat steun willen hebben van de plaatselijke winkeliers. Temeer, omdat de omropper op deze manier nog steeds niet uit kan. Er moet nog geld bij. Wanneer u een vaste advertentie opgeeft, wat inhoudt dat u zich verplicht voor 1 jaar (is 10 advertenties) dan is er een korting van 10 procent. Een vaste advertentie betekent overigens niet dat er steeds eenzelfde tekst moet worden geplaatst. U kan dat elke maand veranderen. Mocht u belangstelling hebben om in de doarpsomropper te adverteren, neem dan even contact op met de redactie.

M. V.-K.

*It is mar sa 'n loopke, sei de jonge,  
en hy hie syn mem oan 't tou.*

## SMOARGENS

It ûngelok mei de Russyske spionaazjesatellyt Kosmos, it twadde yn fiif jier is, sa foar 't each teminsten, goed ôfrûn. Stikken derfan, nei alle gedachten radio-aktyf laden, binne yn 'e see telâne kommen. Wat der barre kind hie as dat ôfeart yn tichtbewenne streken delkommen wie wit net ien. Wat de takomst ús bringe kin kinne wy opmeitsje út it feit, dat de Sowjet-Uny en Amearika allebeide dwaande binne om anti-satellytwapens te meitsjen.

It soe in skoander ding wêze as ús froedsinnige riedsleden it de pommeranten yn Moskou en Washington ris goed dúdlik makken, dat wy harren smoargens hyn ofte nei net yn ús gemeente ha wolle. Wa 't de romte fersmoarget heart sels it ôfeart op te romjen, dat hearre se yn beide haadstêden te witten.

d. J.

## FERIENINGSNIJS

### FUGELWACHT ALDEGEA



### KERKUIL (Fr. Goudûle)

De kerkuil is wel één van de mooiste bij ons voorkomende uilen. Ze zijn meteen te herkennen aan hun oranje bruin verenpak (vandaar ook zijn Friese naam Goudûle). In Nederland is de kerkuil een schaarse broedvogel die de laatste twintig jaar in aantal snel is achteruitgegaan. Het is een geheimzinnige vogel die we overdag zelden te zien krijgen. 's Nachts gaat hij op jacht, zijn voedsel bestaat voor een groot



Hawwe jo in frieskast of -kiste?  
En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

### SKILJE US DAN EFKES


Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkerguod  
yn Aldegea  
Wy hawwe no ek waddenbôle, zonder vet  
puur natuur

**Waarme Bakker  
J. J E L S M A**

**Boarnburgum**

**Tillefoan 05126 - 1215**

gedeelte uit kleine knaagdieren. Ook in de donkerste nachten kan hij nog bijzonder goed zijn prooi bemachtigen. Een uil kan met een heel klein beetje licht nog goed zien, maar als het werkelijk pikke donker is kan ook hij zijn prooi niet goed meer met zijn ogen waarnemen. Dan jaagt hij voor een groot gedeelte op zijn gehoor, en dat is zo goed ontwikkeld, dat hij dan nog feilloos zijn prooi weet te vinden. Als hij een muis moet kunnen horen, is het wel van belang dat hij zelf onhoorbaar vliegt. Dat doet hij dan




ook, zijn vlucht is niet bijzonder snel, maar wel volkomen zonder geluid. De kerkuil leeft vaak dicht in de buurt van mensen, daar hij meestal broedt in boerderijen en kerktorens. In boerderijen werd vroeger in het 'ûleboerd' voor de kerkuil speciaal een opening gemaakt, zodat hij vrije toegang had in de schuur. Hij was daar een graag geziene gast omdat hij veel kleine knaagdieren opruimde. Want

in die tijd hadden veel boeren graan opgeslagen in hun schuren. Dat lokte natuurlijk ook veel muizen en dus werd de kerkuil terecht als heel nuttig gezien. En voor de uil zelf was dat ook van groot belang, want als buiten in de winter alles onder de sneeuw lag, konden ze vaak binnen nog wel hun kostje opscharrelen. Helaas is de kerkuil in de laatste twintig jaar in aantal snel achteruitgegaan. Voor 1963 broedden er in Friesland nog meer dan 100 paren, in 1978 waren dat er nog 23 paren. In het jaar daarop na die strenge winter, broedden er maar 8 paren meer in Friesland. De laatste jaren gaat dat aantal gelukkig weer wat omhoog, in 1982 broedden er weer 16 paren. Toch zijn het niet alleen de strenge winters die hun aantallen uitdunnen. De meesten slachtoffers vallen in het verkeer. Daar de kerkuil 's nachts op jacht gaat en meestal laag boven de grond jaagt, komt hij vaak voor een auto terecht. Maar misschien ontbreekt het de kerkuil soms ook wel eens aan geschikte nestgelegenheden, doordat ze niet meer in schuren binnen kunnen komen. Daar zouden we ze dan wel een handje bij kunnen helpen. Want het zou toch jammer zijn, dat zo'n mooie uil uit Friesland verdween!

*Uileballen*



G. Elzinga



DESSO

BERGOSS

STERK TAPIJT IS TOCH BETER,  
DUS VOORDELIGER

WIJ LEVEREN ALLE MERKEN

— GRATIS GELEGD —

\* VERHUUR VAN TAPIJTREINIGER


\* OOK VOOR ZONWERING  
KUNT U BIJ ONS TERECHT

KOOISTRA — TEXTIEL

Meubelen en Woninginrichting  
Buorren 22 - OUDEGA

PARADE

HEUGA



#### DAMCLUB D.C. OUDEGA

In onze eigen competitie is tot nu toe geen enkele koploper die de buit binnen gehaald heeft. In groep I heeft Fedde 1 punt voorsprong op Henk, maar beide spelers moeten nog 6 wedstrijden spelen. Ook Leense en Joop hebben nog kansen om hoog te eindigen. In groep II hebben Menno en Pieter beide evenveel verliespunten en staan op gelijke hoogte. J. Jansma is hier de grootste concurrent om zich nog te plaatsen voor groep V. Door het wegvallen van W. Wijma promoveert de Kamp, en de als 2e geplaatste om in groep I weer op 10 spelers te komen. Door het niet

opkomen van D. v.d. Mei is deze speler uit de competitie genomen, zodat in de stand weer een kleine verandering is gekomen. Wel mochten we weer een nieuwe speler begroeten en wel M. Hofman, Utein 24. Hartelijk welkom in onze gelederen, en we hopen dat hij zich snel zal inburgeren op onze damclub.

#### F r i e s - kampioenschap 1e klas

L. Houwink wist zich niet te plaatsen voor de finale, door 3 nederlagen, 1 winst, 1 remise werd hij uitgeschakeld. M. Tjeerdsma won 1 partij en speelde 4 x gelijk, door dit resultaat moet hij in een tweekamp met W. de Vries uit Driesum nog spelen om de 1e plaats in de finale.

Groep I		Groep II	
1. F. Kooi	10-16	1. P. Feddema	10-17
2. He. Jonker	10-15	2. M. Tjeerdsma	9-15
3. Joh. de Graaf	12-14	3. J. Jansma	11-14
4. L. Houwink	10-13	4. B. Klijnstra	12-12
5. O. Roukens	10-11	Sj. Reitsma	12-12
6. S. de Graaf	13-10	6. D. Jonker	9-10
7. O. Kooi	9- 8	7. G. Kooi	10- 9
8. G. Tjeerdsma	12- 7	8. Cath. Bouma	10- 8
9. U. Tjeerdsma	12- 4	9. M. v.d. Veen	10- 6
		10. Tj. Jonkhoff	10- 5
		11. Kl. Jacobi	9- 4

Bij de junioren 4-tallen gaat het niet optimaal. Oudega II leed al 3 nederlagen, terwijl Oudega I 2 won en er ook een verloor. Beide moeten nog eenmaal uit komen tegen het sterke 4-tal van Grouw, wat ook wel geen winst zal opleveren.

#### Uitslagen:

Oudega I - Oudega II	7-1
H'garijp - Oudega I	3-5
Oudega II - Sneek	2-6
H'garijp - Oudega II	5-3
Grouw - Sneek	7-1
Sneek - Oudega I	5-3
Grouw - H'garijp	7-1

Bij de oudere jeugd heeft Peter Toering op dit moment de leiding. Maar de beslissing zal nog wel even op zich moeten wachten, omdat zowel Cor, Reinder en Sietse zich niet zo maar gewonnen geven.

Bij de jongste jeugd laat Aalzen Wijma de andere spelers de hakken zien. Grootste belager is Wietse Jelsma, maar door het goede spel van Aalzen (ook voor het schooldammen) zal hij wel de nieuwe jeugdkampioen worden. De beide Veenstra's en Piebe de Jong zijn net begonnen en moeten nog veel leren, maar daar zijn we allemaal voor gekomen.

Oudere Jeugd		Jongste Jeugd	
1. P. Toering	10-15	1. Aalzen Wijma	25-47
2. S. Bouma	11-13	2. Wietse Jelsma	23-37
R. Jelsma	11-13	3. Johnny Toering	25-32
4. C. Tjeerdsma	9-12	4. Gjalt J. v.d. Lei	23-30
5. R. de Jong	12- 9	5. Roel Wiersma	24-27
6. H. Hospes	13- 4	6. Wiebe de Jong	27-27
		7. Frank Boersma	25-25
		8. Jan H. Veenstra	17- 5
		9. Piebe de Jong	16- 4
		10. Hendr. Sluiter	21- 4
		11. Jan J. Veenstra	14- 2

#### FEESTLIKE GEARKOMST DOARPSBELANG

13 maaie: feestlike gearkomst ta gelegenheid fan it 80-jierrich bestean fan DOARPSBELANG.

#### Programma:

— Resepsje fan 7.30 - 8.15.

— Fan 8.15 ôf in fleurich programma mei û.o. Teake van der Meer fan Kollumersweach.

Tagong frij !!



*Gjin swierrichheden, sei de bakker,  
en hy makke it brea te licht.*



***Wij zijn altijd goedkoper***

Familiedrukwerk - Handeldrukwerk - Kleurendruk

Reclamebureau - Sneldrukkerij

**R.I.J.O. b.v.**  
v/h Osinga

Het Anker 7 9206 AL DRACHTEN

Tel. 05120 - 12468

PETEAR MEI PIETERSMA

**Hoe lang wenje jimme no al wer yn Aldegea?**

No, dat wurdt ankom maaie al wer seis jier. Wêr bliuwt de tiid, hen?

**En . . . . . foldocht it jim wat yn ús doarp? Sa middenmank de oare Aldegeasters?**

Poerbêst man! Poerbêst! Wat dat oanbelanget ha wy it wol troffen, hear. Ik soe hjir foar gjin goud wer wei wolle en de frou likemin. Dit is in doarp om jin yn thús te fielen. Earlike minsken hjirre en dêr meie wy graach oer. (Syn frou, dy 't der op dat stuit by siet, stimde der yn mei.)

**Mar, Aldegea is net sa 'n grut plak fansels. Ik woe mar sizze, is der yn in doarp fan dy gruttens wol in stikje brea te fertsjinjen foar in slachter? En dan leafst in stikje brea mei wat der op, fansels.**

Der sit in ridlik bestean yn, kin ik wol sizze. Ja, ridlik. It is fansels net sa, lykas guon minsken wol-riis tinke, dat in slachter oan in ko in ko oerhâldt. Sa is it yn 'e fierste fierte net. Wy besykje altyd om ús klanten de bêste kwaliteit te ferkeapjen foar in skaplike priis. Jo moatte sa mar tinke, ik fertsjinje leaver fjouwer kear in kwartsje as ien kear twa kwartsjes.

**Jo slachtsje altyd sels, haw ik heard. Is dat sa?**

Ja, dat is wier en earlik sein soe 'k mysels ek net slachter neame doare as ik dat net die. Dan soe 'k allinne mar fleisferkeaper wêze. . . en foar my soe der yn dat gefal gjin aardichheid mear oan wêze. Ja, ik bin noch in echte ambachtlike slachter, mei ik wol sizze.

**En de-klanten sille dêr wol oer meie, tink. De foarkar fan it publyk, teminsten as it om har iten giet, giet hieltyd mear de kant fan it ambachtlike út, liket my ta. De waarme bakker hat it pleit al wûn, soe 'k sizze.**

Ja, dy foarkar kinne wy ek fernimme. De minsken wurdearje it, dat by ús ambachtlik wurke wurdt. Bêst spul sykje wy út en dêr binne de lju wiis mei. Sjoch, ús heit is feekeapman, in âlde rôl yn dat berop, kin ik wol sizze. Dy keapet ornaris de bisten foar my, hy wit wol krekt wat ik ha moat.

**In wat pynlike fraach foar in slachter faaks. Mar as ik no it wurd sulfyt neam, wat is dan jo réaksje?**

Dat guod brûk ik net, haw ik nea brûkt en sil ik ek net brûke. It mei ek net. Der sille wol slachters wêze, dy 't kleurbehâldende middels brûke, mar wy dogge dat net. Wy hawwe dan ek noch nea lijen hân mei de fleiskeurders. Ik haw harren wol frege om in bewiis, skriftlik, dat by ús de boel yn oarder is, mar dat dogge se net. As jo gjin op- en oanmerkings fan ús krije, no dan is it ommers yn oarder, sizze se. Nee, sâlt en krûden, dat binne de iennichste middels dy 't by ús brûkt wurde, dat oare is taboe.

**Meitsje jo sels ek fleiswaar?**

O ja, droege woarst haw ik altyd sels al makke. Mar ik meitsje sels ek de s.n. gelderske rikke woarst, foar griene-eartesop en sa. Dy is folle lekkerder as de fabrykswoarst ornearje ús klanten. En ik wol strak ek besykje om . . . , no ja, om "boaterham-

woarst" te meitsjen. Is bûterbroggewoarst dêr in gaadlik Frysk wurd foar? Ik wol strak besykje om safolle mooglik alle fleiswaar sels te meitsjen. In ambachtlike slachter mòat soks wol besykje, tinkt my.

**Jimme sutelje ek noch haw ik heard. In protte slachters dogge dat net mear, leau 'k.**

Ja, dat dogge wy en dêr binne wy eins in bytsje grutsk op. Twa kear wyks komme wy bylâns yn Aldegea, Nijegea en De Pein en ien kear wyks yn Burgum. En ik kin wol sizze, dat wy bûten Aldegea stadichoan mear klanten krije. En, dat wol ik hjir noch efkes oan tafoegje, wy leverje ek wat langer wat mear foar ús klanten, ek bûten Aldegea, alles wat se brûke moatte foar barbecueën en kâld buffet en sa. Ta grutte tefredenheid, mei 'k wol sizze.

**Pietersma, betanke foar it petear. Wy fan de Doarpsomropper winskje jo yn persoanlik en saaklik libben it alderbêste ta.**

(Dat is it earste petear mei ien fan ús trouwe advertearders. Wy binne fan doel om dêr mei troch te gean. Red. Doarpsomropper)



SKOALDAMTOERNOOI 12 FEBR.

De ploech fan 'e kristl. skoalle hat op saterdei 12 febr. nei Grou ta west om mei te dwaan om it kampioenskip fan Fryslân. Der waard spile yn trije ploegen. Yn 'e ploech dêr 't de Aldegeasters yn damje moasten sieten de spylers fan de Kristl. skoalle fan Sleat, fan de J.H. Niewoldtskoalle út Wergea, de St. Joazefskoalle út De Lemmer, de Ljurkeskoalle fan Ljouwert en de Bolwurkskoalle út Frjentsjer.

It gong wer goed, se wûnen fan Wergea, Ljouwert en Frjentsjer, spilen kamp tsjin Sleat en ferlearen fan De Lemmer. Doe 't de punten teld wiene die 't bliken, dat de Aldegeaster bern numer twa wiene

fan har ploech en dat betsjut, dat se wer meidwaan meie oan 'e folgjende rûnte. In moai sukses! En it sukses hie noch grutter wêze kind as ien fan 'e Aldegeaster jonges mar net sa 'n alderivichst kreas famke as tsjinstanster oan syn taffeltsje krige hie. Dat wie fan dy gefolgen, dat er mear syn oandacht hie by dat tsjeppe dinkje as by it damjen en syn partij ferlear. Spitich. Saterdei 19 febrewaris moatte se wer los.

### SKOALDAMTOERNOOI 19 FEBR.

Saterdei 19 febr. hawwe de dammerkes fan 'e kr. skoalle nei Grou west om mei te dwaan om it kampioenskip fan Fryslân foar I.I. fan legere skoallen.

Nûmer ien binne se net wurden, mar hja hawwe har goed ward. Se hearre ta de earste fjouwer en meie sadwaande mei damje om it kampioenskip fan Nederlân. Dat sil wêze op 16 april o.s, wêre, dat is noch net bekend.

Se hawwe de saterdeis wûn fan Waskemar en fan Grou, kamp spile tsjin Drachten (Sjalom) en ferlern fan Sleat en Sondel.

Dit wie de útslach:

1. Sondel
2. Sleat
3. Waskemar
4. ALDEGEA
5. Grou
6. Drachten (Sjalom)

En no mar wer moedich fierder. Sukses!

### BEGRAFENISVERENIGING "DE LAATSTE EER"

Jaarvergadering begrafenisvereniging "De Laatste Eer" dinsdag 1 maart om 19.30 uur in het Miensker.

### UT OARE BLEDEN

Boargemaster J. van der Meer fan Raarderhim oer Fryskinnich belied:

As wy in kear in leanoarder yn 't Frysk fêststelle, komt in grut brief fan Ynlânske Saken, sa 't dat offisjeel hjit, dat it net rjochtsjildich is. Ik sit bygelyks ek yn de Rykskommisje Frysk yn 't Offisjele Ferkear en dy kommisje bestiet foar in grut part út Hollânske amtners. Dat is fjochtsjen tsjin de bierkaai.

De Fryske leden fan dy kommisje binne noch by de graasje lid wurden. Earst wienen wy adviseurs. Doe ha wy sein, dat wy allinnich folweardich meidwaan woenen, oars net. It fundamintele ferskil tusken de Fryske en de Hollânske leden is, dat wy de Fryske kultuer as útgongspunt nimme en sy de inkelde Hollanner. Hja binne, neffens myn betinken, dwaande in kleau te skeppen yn 'e Fryske mienskip tusken Friezen en net-Friezen.

Elkenien dy 't hjir syn rjochten brûke wol, ynpraak en sa, sil it Frysk behearskje moatte, oars kin er hjir net as steatsboarger funksjonearje.

Elkenien dy 't belangstelling hat foar de mienskip yn Raarderhim en dy 't it Frysk net behearsket is it om te begjinnen net wurdich om hjir te wenjen, mar kin hjir ek net funksjonearje yn syn steatsboargerskip. Ik meitsje beliedstikken en beskikkingen altyd yn 't Frysk. As de beskikkingen yndividueel rjochte binne, en ik wit dat de adressearre Nederlânsktalich is, dan doch ik dat yn 't Nederlânsk. Ik tink dat jo dat ek rêstich oan de gemeente sels oerlitte kinne. Sa lang as ik hjir bin, haw ik noch mar ien kear in oersetting hoegd te meitsjen. Dat wie foar in Surinamer dy 't hjir noch net sa lang wenne. Dat fyn ik dan terjochte en dy man krijt in oersetting mei in stimpel der op dat it "overeenkomstig met het in het Fries gestelde origineel is".

(Ut: "De Blom", útjefte fan de Fryske Jongereinferiening "Stikel" út Drachten)



**UW**  
**makelaar**



**makelaarskantoor R. WIJNENGA b.v.**

**makelaar en taxateur**  
**in onroerende goederen**

**lid MCC**

**noordersingel 9**  
**bergum friesland**  
**telefoon 05116 - 1757**



# Schoolartsen moeten

Schoolartsen spelen bij het voorkómen van ziekten en stoornissen bij uw kind een sleutelrol. Maar hun voorlichting aan ouders en leerlingen zou heel wat beter kunnen; ze zouden meer moeten vertellen over het medisch onderzoek en over gezond gedrag; meer notitie moeten nemen van wat ouders en leerkrachten vinden; de leerlingen met begrijpelijke informatie meer bij het onderzoek moeten betrekken. Ze zouden, kortom, meer van zich moeten laten horen. Dat blijkt uit onze enquêtes onder 650 ouders, 250 leerlingen en 220 scholen.

Stoornissen en klachten voorkómen, die "knikken" in de lichamelijke en geestelijke ontwikkeling kunnen veroorzaken. Dat is het werk van de schoolarts, die op lichamelijke gezondheid controleert zoals lengte, gewicht, ogen, oren, houding en ook naar de geestelijke en sociale ontwikkeling kijkt zoals het gedrag thuis, op school en in de vrije tijd.

De jeugdgezondheidszorg, waartoe de schoolartsen behoren, bereikt 95% van alle 4- tot 16-jarige leerplichtige kinderen. Het streven is dat de schoolarts elke leerling om de twee of drie jaar, dus zo'n vijf keer in een schoolle-

ven onderzoekt.

Naast dit alles geeft de schoolarts soms aan 8-jarigen herhalingsinertingen tegen difterie, tetanus en polio (DTP-prik) en aan 11-jarige meisjes de prik tegen rode hond. Belangrijke rechterhand van de schoolarts is de schoolverpleegkundige, die onder meer het urine-onderzoek doet en de ogentest afneemt.

Er bestaat een tendens om het periodieke geneeskundig onderzoek te vervangen door "screening" en gericht onderzoek. Bij screening wordt bijvoorbeeld de hele school op hoofdluis, gezichtsvermogen of gehoorstoornissen

bekeken. Gericht onderzoek gebeurt om een bepaalde reden, zoals bij zittenblijvers, of op verzoek van bijvoorbeeld de ouders of een leerkracht bij klachten over doofheid, gedragsproblemen of (school)ziekte en dergelijke.

De schoolarts behandelt geen zieke kinderen en schrijft geen recepten voor. Dat behoort niet tot zijn taak. Wel kan hij kinderen naar de huisarts verwijzen, of ze op termijn voor controle of een nader onderzoek laten terugkomen. Hij kan ook direct naar een fysiotherapeut of logopedist verwijzen, mits deze bij de schoolartsdienst werkt.

Eén van elke twee kinderen met een bril draagt deze, omdat de schoolarts de oogafwijking heeft ontdekt en heeft doorverwezen.

Sportkeuringen verricht de schoolarts ook. Hij geeft een sportadvies, beantwoordt daarin de vraag of het kind aan normale, recreatieve sporten mag meedoen en kan bepaalde (groepen) sporten aanraden of ontraden. Hij adviseert betrokkenen over schoolrijpheid en -keuze. Hij praat met de school over bouwplannen, hygiëne en veiligheid in en om de school, zoals de veiligheid van een gymzaal of speelplaats.

## meer van zich laten horen

Een schoolarts doet onderzoek bij individuele kinderen, maar ook naar algemene zaken zoals roken en drinken, het gebruik van geneesmiddelen, voedingsgewoonten, oorzaken van ongevallen en plaatselijke milieuproblemen. Aan wat in een streek of gemeente speelt, kan de gezondheidsvoorlichting en -opvoeding gericht aandacht besteden.

### Ouders

Driekwart van de ouders vindt het schoolartsenonderzoek belangrijk en slechts een negende niet. Op het eerste gezicht een opmerkelijke uitslag. Schoolartsen lijken oppervlakkig gezien overbodig. Waarom zouden ze kerngezonde kinderen onderzoeken? En voor de zieke kinderen zijn er toch huisartsen? Maar men stelt de specialistische deskundigheid van de schoolarts op prijs, omdat hij vroegtijdig dingen kan ontdekken die ouders door gewenning niet zien. Omdat hij veel kinderen van dezelfde leeftijd ziet, kan hij

afwijkingen beter constateren, juist bij kinderen die zelden ziek zijn en daarom zelden een huisarts zien.

Over het periodieke geneeskundig onderzoek van de schoolarts zijn de meeste ouders tevreden. "De schoolarts neemt de tijd, vraagt het kind zelf hoe het met hem is en hoe hij school en thuis ervaart." Anderen vinden het onderzoek te eenzijdig; de schoolarts zou stokpaardjes berijden; reeds bij de ouders bekende afwijkingen niet opmerken. "Het kind moest extra vitamine AD hebben, en meer melk drinken. Maar dat het gehoor van het kind zwak was, het vaak oorontstekingen had, daar wist hij weinig over te vertellen." En vooral: ouders en kind zouden niet op hun gemak worden gesteld, er zou soms een examen-sfeer hangen.

Eén moeder: "Alsof ze haar kennis over kinderen uit de boekjes had gehaald. Hoe kinderen werkelijk reageren, daarvan had ze weinig kaas gegeten. Ze stelde het kind helemaal niet op zijn gemak." Een andere moeder: "Mijn zoon kreeg herhaaldelijk te horen dat hij op een meisje lijkt, omdat hij niet van stoeien en sporten houdt." Vooral een persoonlijke benadering waarbij juist

de ouders en het kind centraal staan, leidt tot meer waardering. Men kan de uitgebreidheid van het onderzoek misschien moeilijk beoordelen, omdat de uitleg ervan nogal eens tekortschiet.

---

**"Eén op de twee kinderen draagt zijn bril, omdat de schoolarts de oogafwijking ontdekte."**

---


De schoolarts verwijst bijvoorbeeld na problemen met de ogenkaart naar de huisarts. Die kan het onderzoek dan herhalen, een bril voorschrijven of op zijn beurt naar de oogarts verwijzen. Liefst één op de zes doorverwezen ouders vindt, dat dit te snel gebeurde. "Hij hoorde een ruis aan het hartje, maar de huisarts kon gelukkig niets ontdekken." Kennelijk zijn de schoolartsen voorzichtig en nemen zij het zekere voor het onzekere.

**NIEUWS VAN DE ADOPTIEGROEP OUDEGA**

Afgelopen jaar hebben de inwoners van Oudega een stencil gekregen van de "AMNESTY-INTERNATIONALE GROEP" Garijp, Oudega en Eernewoude. Hierin kon u lezen wat de doelstelling van Amnesty-International is, nl. het werken voor gevangenen die in strijd met de Universele Verklaring van de Rechten van de Mens worden opgesloten, gemarteld en veroordeeld. Wij als Amnesty-groep in Oudega hebben een Turkse gevangene geadopteerd. De laatste tijd zijn er in de pers regelmatig berichten verschenen over de massaprocessen in Turkije. Bij deze "processen" worden mensen beschuldigd zonder dat ze de gelegenheid krijgen zichzelf of m.b.v. een advocaat te verdedigen. Bovendien zijn de mensen vaak zo verzwakt door hun gevangenhouding, die varieert van maanden tot jaren, dat ze niet in staat zijn zich te verweren. Na zo'n beschuldiging worden ze weer gevangen gezet, in veel gevallen onder erbarmelijke omstandigheden. Weinig voedsel, martelingen, treiterij, ziekte enz. Onder de gevangenen bevinden zich ook gewetensgevangenen. Dit zijn mensen die wegens hun politieke of godsdienstige overtuiging, taal of geloof, gevangen zitten en géén geweld hebben gebruikt of gepropageerd. Zij kunnen individueel hun mening uiten maar ook in de vorm van een vakbond of politieke partij. De Turkse gevangene die wij hebben geadopteerd is Para Urun. Hij was lid van een politieke partij, welke opkomt voor de belangen van een bepaalde bevolkingsgroep in Turkije. Hij stu-

deerde aan een lerarenopleiding. Wij weten via Amn. Int. dat zijn gezondheidstoestand erg slecht is t.g.v. martelingen. Onze brieven aan verschillende Turkse autoriteiten o.a. de minister-president en minister van justitie zijn tot nu toe onbeantwoord gebleven. Wij weten daarom ook niet of Para Urun al officieel beschuldigd is of dat er nog een proces tegen hem gaande is. Turkije heeft als lid van de Raad van Europa de conventie van de Rechten van de Mens ondertekend. In artikel 10 en 11 hiervan staat dat ieder mens recht heeft op een vrije meningsuiting, vrijheid van pers, recht op lidmaatschap van een vakbond en vrijheid tot vergadering. Van de gewetensgevangenen in Turkije, is Para Urun degene waar wij speciaal voor werken. Naast Turkije zijn er nog veel meer landen waar de mensenrechten worden geschonden. Om nu daadwerkelijk iets te doen voor gewetensgevangenen kunt u op onze schrijfavonden komen, waar voorbeeldbrieven klaar liggen. Deze worden door ons verzonden aan de autoriteiten van het betreffende land. In deze brieven wordt gevraagd om vrijlating van een bepaalde gevangene. Hoe meer brieven er verstuurd worden, des te meer druk wordt er uitgeoefend op de autoriteiten, waardoor de gevangene meer kansen krijgt. In de vorige Doarpsomropper heeft u kunnen lezen dat de gevangene, waar we in november voor hebben geschreven, inmiddels is vrijgelaten.

De schrijfavond is iedere 2e woensdag van de maand, van 19.00 - 21.00 uur in de bibliotheek.



garagebedryf



**D. VISSER**

gariperwei 2  
9216 vk Oudega Sm  
tel. 05127-1777



**VERKOOP VAN NIEUWE EN GEBRUIKTE AUTO'S**

**reparatie alle merken auto's b.v.:**

- 10.000/ 15.000 km. beurten
- doorsmeren en olie verversen
- uitlaten, gratis montage
- schokbrekers
- accu's, antivries
- autoruiten
- balanceren
- banden (min. 15 % korting)
- accessoires etc. etc.

Pomp  
geopend  
van  
07.30 - 18.30  
uur  
zondags  
gesloten



## SAMEN OP WEG

Ja, dat binne wy ús hiele libben . . . mei ALLE minsken.

Om 't ik fan net ien heard ha dat ik ophâlde moast fan skriuwen, mar wol oantrúne om mear te fertellen bin ik no mar sa frij om dat te dwaan.

Op ús fammeferiening yn 'e Pein hiene wy ek Tsjerkeskiednis op ús wurklist. Wy diene der ek wat foar om op ús gearkomsten wat "beslein op it iis te kommen". Wy hiene doe noch gjin T.V. en gjin bar mar wiene thús warber. Sadwaande hawwe wy faaks noch wat sparre fan wat oan 't libben ynhâld en glâns jowt. No dan wat út myn oantekeningen, der stiet boppe:

### Kerkgeschiedenis in 't kort

Begin 19-de eeuw - Opwaking: Dacosta - Bilderdijk - Reveil.

Ds. Hendrik de Cok (1829 in Ulrum) kwam tot bekering mede door contact met z'n gemeenteleden o.a. Klaas Kuipinga. Ook bestudeerde hij de Dortse leerregels (staan nog achter in oude psalmboeken) en hij las Calvijns Institutie. Langs die weg werkte Gods Geest in hem. Hij begon weer te preken naar de Heilige Schrift en de Belijdenis en schreef tegen de aantasting van de Gereformeerde leer. Velen hoorden hem graag! Maar hierom werd hij door de Kerkelijke besturen vervolgd éérst geschorst daarna afgezet. Toch was het niet de bedoeling om een nieuwe kerk te stichten maar om de ontaarde kerk te zuiveren en te reformeren vandaar ook de "Acte van afscheiding of wederkeer" die het gevolg werd van het harde optreden der Kerkbesturen. Koning Willem de eerste en de hoge regering wensten voor alles rust en éénheid ook ten koste van Gods Woord der Waarheid en de belijdenis daarvan. Waren er meer dan 20 gelovigen bijéén, dan werden zij uiteen gejaagd en kregen boete . . . of inkwartiering . . . soms zelfs gevangenisstraf. Ds. De Cok zat drie maanden gevangen in Delf-

AUTO- en MOTORRIJSCHOOL

## W. PIJL

Foareker 27 - 9247 AA URETERP  
Tel. 05125 - 2151

Haal uw rijbewijs:

in schakelauto . . . . . B.M.W.  
in automaat . . . . . Renault  
op één onzer motoren . . . . . Honda

U bent bij ons niet  
een hele morgen of middag van huis,  
maar slechts 2 uren ! ! ! ! !

Elke week theorieles  
**URETERP**  
**HEMIK**  
**DRACHTEN**  
**SURHUISTERVEEN**

*Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .*

*Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij*

*"DE SLAG"  
in Olterterp*

*bijzonder goedkoop v.a. f 200,- p/p, 14 karaat goud  
en bekende merken*

*Ook zware zilveren geboortelepels  
vanaf 195,- gratis gegraveerd*

*Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER  
nergens goedkoper*

*Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs*

*SELMEN 2  
Tussen Olterterp en Ureterp  
Tel. 05125 - 1695*



zjil. Ondanks alle tegenwerking en vervolging van de Hervormde Kerkssynode en van de Overheid groeiden de afgescheiden gemeenten. (De afscheiding was dus het gevolg van de afzetting.) Op 14 oktober 1834 begon de afscheiding in Ulrum (Ds. De Cok). In Doeveren (N. Brabant) onder Ds. Scholte, in Drogeham onder Ds. V. Velzen, in Hattem onder Ds. Brummelkamp. Zo groeiden de gemeenten over het gehele land. De Belijdenis werd weer onder de stof vandaan gehaald, vooral toen in 1854 te Kampen de Theologische school was geopend waar predikanten werden opgeleid. In 1880 waren er reeds zo'n 400 afgescheiden kerken en 300 predikanten en bijna 200.000 leden.

Sa earst mar wer, as it mei letter mear. Tige tank foar it pleatsen, D. v.d. Mark.

P.S. Is hjir ek ien dy 't wit wer as dat boek fan P.J. Risseeuw oer "Landverhuizers" noch te krijen is. Soe it noch yn 'e hannel wêze? Dat is sa 'n kostlik moai stik skiednis oer de earmoede en de ferfolging om it leauwe. Deryn hawwe ek Ds. Scholte en Ds. Van Raalte en Ds. Brummelkamp in greut pat yn. Wa wit in adres? Ik soe it tige graach keapje wolle.

D. v.d. Mark



### LEKKER ITEN, MAKLIK REE TE MEITSJEN

K a b b e l j a u mei aalistip

4 moaten kabbeljau, plm. 2 sm tsjok  
sâlt en piper  
fisksop (fiskbûljon)

Foar it stip:

115 gr. bûter  
3 1/2 leppelfollen fisksoep (bûljon)  
2 hurdseane aaien, mei foarke fynpaeid  
1 1/2 leppelfol fynsniene piterseelje  
1 1/2 leppelfol fynsniene dragon  
sâlt, piper, nutemuskaat

Bytsje sâlt en piper oer de fisk struie. De fisk yn in menút of fiif, seis gear siede. Lis dan de moaten fisk hoeden (mei pankoeksmes byg.) op in waarme skaal. Raan yntusken de bûter, klopjend en rierend mei in houten leppel en rier de 3 1/2 leppelfollen fiskbûljon der trochhinne, dan de fynpeide aaien, dragon, piterseelje, sâlt, piper en nutemuskaat neffens eigen smaak. Jit it stip oer de fisk en bring it op 'e tafel mei ierappelpomp (puree) en woarteltsjes.



*Yn Aldegea binne de gasrekkens it alderleechst,  
want de kwaliteit fan de slachter is dêr 't alderheechst.*

*Dat fleis is sa mar gear, hoecht dus mar krekt op 't fjoer  
en it is foar dat soarte gjin stoer te djoer.*


*De moaiste jonge kij dy meie wy thús noch slachtsje,  
de kwaliteit is sa goed, men kin net better ferwachtsje.*

*En binn' jo âld of siik en kinn' jo 't sels net helje,  
twa kear wyks bringe wy 't bylâns, dus je kinn' rêstich belje.*

*Jo hoege ek net troch de snie of wiete rein,  
want wy besoargje ek yn Burgum, Nijegea en De Pein.*

*Dus wat let jo, krij rêstich mar de tillefoan  
en wy bringe 't moaiste guod by jo oan.*

*Foar 't fijnste fleis of in stikje rikke spek op brea:  
nei Oeds Pietersma, slachter te Aldegea.*




**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**



**SANBUORREN 19  
ALDEGEA (SMELL.)**



**TILLEFOAN 05127 - 1241**

*Wenhús: Langdeel 7, tillefoan 2456*

# „In de CAFtuin.winkel daar vindt u het wel”

## gedroogde koemest

Frimest  
In korrelvorm, een natuurzuivere bemesting voor gazon en border  
10 kg van 13.10

nu **10,-**

## VAM siertuin.compost

Een organische meststof voor structuurverbetering van uw border en gazon  
50 ltr van 12.60

nu **10,-**

## TRIO potgrond

voor bloemeteelt, het vullen van potten en plantenbakken, enz.  
80 ltr slechts

**9,95**

## VAM compost.container





Dé ideale kunststof compostmaker

- \* met schuif onderin, waardoor de daar gevormde compost makkelijk weg te nemen is
- \* met luchtgaten aan de bovenzijde en in de bodemplaat
- \* goede ventilatie

Van 175,-

nu **149,-**



## zandbak

Van 94.90

nu **63,-**

Een fijne aanwinst voor uw kinderen. Gemaakt van onder hoge druk verduurzaamd hout, dus onderhoudsvrij. Bouwpakket met afdekzeil.


## jiffy.pots



opkweekpotjes

per 24 stuks **3,50**


## Dixie-set



Met 6 potjes met kweekgrond en zaad

Voor tuin en balkon  
aardbeien 6.50  
tomaten 5.50  
geranium 6.50

## rode mijnsteen



Verfraai zelf uw tuinpad of oprit.  
In zak van 50 kg

per zak **7,10**

## aluminium ladder

HOBBY

Twee-delige, sterke, betrouwbare ladder, met 2 x 14 sporten

Van 279,-

nu **199,-**



## Weedeater kanten.maaier

Zonder te bukken snel en veilig grasranden maaien

Van 168,-

nu **119,-**



## venster.bank kasje


van kunststof voor 48 Jiffi-potjes

Speciale CAF winkelprijs

**7,95**



## broeibak



Van aluminium, compleet glas


Afm. 129 x 89 cm  
Hoog 64 cm

**198,-**

**CAFtuin/dier**

**zo vindt u ons**

speciaal winkels



water toren

westelijke rondweg Drachten

Centrum Drachten

en doe-het-zelf

DRACHTEN de Bolder 75

## SKIEDNIS

### DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

#### Ferbettering

It stikje oer Theunis Peteroalje (Doarpsomropper 1 jann. '83) sit it sleauwe, in healwize flater yn. Theunis syn dochter Marte troude mei Jan Steendam, mar syn beide soannen, Kees en Lammert, wiene bern út Jan syn earste houlik mei Betsje. Marte




wie syn twadde wiif. Doe 't Marte mei Jan boaske wiene har produktive jierren al foarby. Hja wie doe, ha 'k my fertelle litten, al in snjitsje oer de fyftich. No ja, sa 'n misse set makket in net-autochtoan wolris.

d. J.



**Rockport®-Suntrack®**  
**vakantie voor uw**  
**voeten...**



**ORIGINAL  
ROCKPORT  
3000**

ideaal voor in huis, hotel of vliegtuig, op de boot, in de caravan en achter het stuur.  
Maten 36 t/m 46.

**ROCKPORT®** *Licht en Soepel*

uw official Rockport dealer



**Lampers  
schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID  
van OUDEGA met een  
nog echt open vuur.  
Tel. 05127 - 1536

**A.J. WELLING  
BUORREN 18  
OUDEGA**



## DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

### De kaartspylers

Se sieten noflik byinoar oan 'e tafel te kaartspyljen yn 'e smûke âlde herberge. In slokje hie elk foar him stean, dêr 't se út en troch oan nipten. Geregeldwei kamen se dêr bymekear foar in noflikke gearsit, om te kaartspyljen, mar benammen om meiïnoar te praten, om in moai ferhaal te beharkjen en om in sneedske opmerking te hearren. De kastlein koe der ornaris ek sines wol ta dwaan. Mar no wurdt it heech tiid dat jim mei de kaartspylers yn 'e kunde komme. No, dat wiene Remmelt, Markus, master Wieling en Alle (de manlike helte fan Alle en Ike). En de kastlein wie Wytse Mulder.

Mar dy kears, dêr 't ik it no oer ha, wie 't oars as oars, de gearsit wie net sa noflik as se dat wol fan oare kearen wend wiene. As ien syn romerke leech hie en om him hinne seach nei de kastlein, dan wie dy der net. Wytse, wie senuweftich, dat wie oan alles wol te fernimmen. Dy fottete mar hinne en wer fan 't jachtweide nei de wenkeamer en bleau soms tiden wei.

"Wat hat Wytse dochs hjoed", frege ien fan 'e mannen. "Dy kin it gat mar net op 'e stoel hâlde".

"Faaks is 't safier mei Jeltsje", ornearre in oarenien. Want it kastleinske wie heech en dreech, dat wisten se fansels wol. Soks bliuwt net ferhoalen, benammen yn in lytse doarpsmienskip net.

Doe 't Wytse in hiel skoft letter wer yn 'e jachtweide werom kaam wie dat om de kaartspylers it oardiel oan te sizzen.

"Jimme moatte der út", sei er. "Dokter Kaiser is al yn 'e hûs. It is safier mei Jeltsje. Dus, der út, ik doch de doar op slot".

Skytskoarjend kamen de kaartspylers oerein en gongen nei de doar ta. Dat wie in ôfdijer, want hja wiene noch net oan 't ein fan har latyn. Mar it wie force majeure, se koene net oars dwaan as opkroaskje.

De oare deis, foar de smidte fan Jan Welling stiene de freonen efkes bymekear te praten. De herberchsdoar gong iepen. Wytse gong op 'e stoepe stean.

"Hoe komt it Wytse, jong?" rôp ien fan 'e maten.

"Ja, wy hawwe in jonkje" rôp dy werom.

"Ja, dat ha wy al heard. Mar . . . hoe komt it no, meie wy der wer yn of moatte wy fuortoan nei Hâns ta?"

In oarenien hie ek in fraach en dêrut die 't bliken, dat de folkshumor, en hoe soe 't ek oears yn dy tiid, boerehumor wie.

"Wolst it der ek by hâlde, jong?" frege er wat smeulsk.

d. J.

## MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

### Underwiis en skoalmasters II

It ûnderwiis wie foar de Reformaasje al foarwerp fan tsjerklike belangstelling en soarch en dat bleau it nei de Reformaasje (1580) ek. Yn 'e Doarpsrompoper fan jannewaris is al sein, dat de Fryske Steaten al yn 1580 ta it beslút kamen, dat yn alle plakken skoalmasters (en domenys) beneamd wurde moasten. Tsiens jier letter hawwe hja dat wer dien. Hja skreauwen doe û.o. ek dat der "dient mede sorge gedragen te worden, dat die jonge jeucht in die leere der christel. religie onderwesen ende in de vreesse Godes opgetogen worde". Om dat doel te berikken, sa skriuwe de Steaten fierders ". . . . ordonneren ende statueren wy by desen, dat de schoolmeesteren, nyet wesende vroom van leven, nochte begerende sich te dragen int institueren van de jeucht ende andere kerckelyke diensten als 't behoort, van den schoeldienst geweert, ende indien alsoedanige alreede ingesloopen mochten syn, affgesteld sullen worden . . .".

Wa 't troch dizze toarre, âldfrinzige amtlike taal hinne byt fernimt wol, dat it ûnderwiis yn tsjinst fan 'e (herfoarme) tsjerke en de religy stie. Underwiis wie kristlik ûnderwiis. Dat de oerheid dêr regels en foarskriften foar joech kaam omdat de oerheid ek it hoedzjen en noedzjen fan 'e herfoarme tsjerke op har nommen hie, der wie in hechte bân tusken tsjerke en steatsoerheid.

Mar algemiene regels foar it ûnderwiis yn 'e pleatslike skoallen joegen de Steaten fan Fryslân net, dêr moasten de tsjerklike gearkomsten mar foar soargje. Dy diene dat dan ek. Sa naam byg. de synode fan 1704 it beslút: "De schoolmeesters, behalven dat

**KOOS BAKKER'S**

**KLEERM A K E R I J**

**DRACHTEN**

Ook het adres voor al uw  
ruiterkleding en toebehoren  
van het wereldmerk "PIKEUR"

**Moleneind 44, tegenover Elmar**

**Tel. 05120 - 31533**

**b.g.g. 05120 -12516**

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle  
lederwaren (tuigen, halsters)  
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

ook voor Uw:

*\* REIZEN*

*\*VERZEKERINGEN*

*\*REISDEVIEZEN*

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

Telefoon 05127 - 1533

**Rabobank** 

geld en goede raad

zij amptshalve de jonge jeugd naarstig moeten leeren leezen, schrijven, rekenen, psalmzingen enz., zullen ook dezelve tweemaal of tenminste eenmaal 's weeks moeten catechiseren over de gronden van de Religie, en wel bijzonder den Heidelbergschen Catechismus leeren, en alle Maandags morgens de kinderen onderzoeken, of zij de predikationen en catechisatien, die Zondags geschied zijn, hebben bijgewoont".

Dat synodale beslút moast, lykas oare synodale besluten, troch de Steaten bekréftige wurde en dy diene dat. Boppesteande regels hiene de Aldegeaster skoalmasters, beneamd troch de ried fan 'e herfoarme tsjerke, har dus ek oan te hâlden. Dyselde tsjerkeried hie ek it tafersjoch oer de doarpskoalle. De domenys moasten mei in alderling "eenmaal ter maand of tenminste alle vierendeels jaars de scholen visiteeren, en vernemen, of de schoolmeesters al tweemaal of ten minsten eenmaal ter week de jeugd catechiseeren in de gronden der Religie en verder doen het geene hun plicht is medebrenge".

De Steaten fan Fryslân seagen domenys en skoalmasters beide, lykas bliken docht út har resolúsje fan 6.12.1592, as tsjerklike persoanen op waans libben tafersjoch útoefene wurde moast. Dat tafersjoch waard tabetroud oan kommissarissen, dy 't troch Deputearre Steaten beneamd waarden.

No 't wy in bytsje ynsjoch krige hawwe yn 'e regels geane wy mar wer fierder mei de persoanen. Nei dy master LIEUWE JEYPS kaam yn 1648 (it fredesjier!) master MEYNTE JEIPS yn Aldegea. Oan it patronymicum te sjen soe 't in broer fan master LIEUWE wêze kinne, mar dat is net wis.

Yn desimber 1669 komt der wer in oarenien. Ut Boarnburgum wei komt dan mei attestasje (d.w.s. mei it skriftlike bewiis, dat er lidmaat fan 'e tsjerke wie en dat syn libbenswannel yn oarder wie) master ROELOF EGHBERTS. Ik wit net krekt hoe near 't er fuortgien is, mar hy wie yn alle gefallen yn 1681 noch yn Aldegea.

Dan komt der yn febrewaris 1683 wer in nijenien, út Easthim en ek mei attestasje. Dy koe 't yn Aldegea grif net bankje, want yn 1684 gyng er al wer fuort, nei Stiens ta. Syn namme wie JELBE KLAZES.

Mar Aldegea kaam net sûnder skoalmaster te sitten, want út Eangwirden wei kaam, mei attestasje,

CORNELIS JANS. Dat wie al wer ien, dy 't gjin sittend gat hie, sa 't liket, hy kaam yn juny 1684, mar yn 1685 gyng er al wer fuort.

En dan is der fan 1685 oant 1692 in âlde bekende, n.t.l. master ROELOF EGBERTS (sjoch hjirboppe). Teminsten, syn namme siet dan wer yn 'e doopboeken, dat wie meie oannimme dat er doe wer skoalmaster te Aldegea wie.

KORNELIS BAIJENS wie de folgjende "school-dienaar en voorzanger". Yn juli 1692 waard master syn oansteand houlik yn tsjerke ôflêzen. Hy en syn faam TRIJNTJE JACOBS woene de lapen mar by-inoar smite. Mar hja trouden net yn 'e Aldegeaster tsjerke mar yn Ljouwert, want de breid kaam út dy stêd. Lang hat it jonge pear net yn ús doarp wenne; yn 1694 setten se al wer op in oar plak ta.

d. J.

## TE KOOP

Stalen stapelbed, zonder matrassen, ook te gebruiken als 2 éénpersoons bedden, tel. 2514.

**Wij zijn altijd goedkoper**

Familiedrukwerk - Handelsdrukwerk - Kleurendruk



Reclamebureau - Sneldrukkerij

**R.I.J.O. b.v.**

Het Anker 7 9206 AL DRACHTEN

Tel. 05120 - 12468





ALDE SKOALFOTO FAN'E KR. SKOALLE OAN'E ACHTERWEI PLM. 1903

Efterste rige: master Wytzes; Jan v. Houten; Sibe Riedstra; Harm Jonker; Jan Kooistra; ?; ?; master Van Dijk.

Twadde rige: Tryntsje Roorda; Janke Vlietstra; Hendrikje . .; Fokje . .; Detsje . .; Aaltsje Herder; Anje . .; Hilkje . .; Sytske Kuik; Wesseltsje v.d. Velde.

Tredde rige: Wobbe de Jong; Jan Riedstra; Hedzer v. Houten; Jasper Bouma; Kees Steendam; ?; Wytse de Jong; Jasper Elzinga; Goaitsen Bouma.

Foarste rige: Edzer de Jong; Hylkje v.d. Velde; Geartsje v. Houten; Ulkje Kooistra; Riemke Kooistra; Geeske v.d. Meulen; Sytske Vlietstra; Klaske Steendam; Jeltsje Elzinga; Wytske de Jong; Bowe Wiersma.


Der binne in stikmannich lege plakken, sa 't jim sjogge. Wa kin dy ynfolje?

# doarpsomropperke



In POPKE fan in papieren pûtsje:

- nim in papieren pûtsje
- en set dit pûtsje op dyn hân
- stek dyn wiisfinger troch it pûtsje, dat is syn noas
- no kinst him ofmeitsje en d'r eagen, in mûle en wat noch mear, d'r opplakke



## JONGES EN FAMKES

Op in dei lei er yn 'e brievenbus in hiele moaie kleurplaat. Klaas Roel Wymenga fan de Sânbuorren hie de draak prachtig grien kleure. Spitich genôch kinne wy him net sjen litte yn dit bled omdat wy dan de kleuren net sjen kinne. Stjoer noch mar ris wat yn, Klaas Roel! Fan Meiny har puzzel hawwe wy gjin oplossingen krige. Sa hie it moatten:

- |              |            |
|--------------|------------|
| 1. Gideon    | 4. Rebekka |
| 2. Mifebosch | 5. David   |
| 3. Noach     | 6. Daniël  |

Meiny hat wer wat foar jim makke. Dit kin jim fêst wol.

In de volgende zinnen zitten dieren verborgen. In elke zin één. Zoek ze maar op!

1. Heb je een doosje voor me Joost?
2. Kruip je nu toch onder dat vieze kleed?
3. Wat rare jongens! Ze braken het bushokje af.
4. Huil maar niet, Liesje.
5. Die lui staan maar te kijken. Wat zien ze toch?
6. Dat kasteel staat er al eeuwen.
7. Maandag heb ik al flessen in de glasbak gedaan. Stjoer dit mar nei ús ta.

Conny en Sari


Sjoeke Boersma hat dizze kear in kleurplaat foar jim makke. Kleurje him mar. Stjoerst noch ris wat yn Sjoeke?



## IN HYNDER FAN IN STROOKJE

Sa moast dy meitsje:

- knip it boppesteande strookje út
- de smelle stikjes binne de poaten
- de brede stikjes binne de sturt en de holle
- de poaten moast nei underen tere, en fierder ôfmeitsje
- de holle mei de hals nei boppen tere en ek ôfmeitsje
- sa makkest de holle




- sa kinst noch folle mear bisten meitsje

## SLIM KERWEI


Slim is "moeilijk", mar dat wisten jimme grif al. It slimme kerwei stiet hjirunder:

Fiiif namkaartsjes. Mar as jimme de letters oars oarderje dan komt it berop fan de persoan foar 't ljocht. In foarbyld: Wil Manken, syn berop is winkelman. Besykje it mar ris. As jimme de beroppen fûn ha, dan krije wy dy wol op in briefke yn 'e brievebus, no? Ek as jimme se net allegear fine kinne, want it is in slim wurkje, dan dochs mar ynstjoere. Sukses!

1. Sol E. Kamstra
2. Tijs Pekke Piers
3. A.O. Gerkes Rienstra
4. Gabe R. Toersma
5. Yde N. Wolster



## Hoe komt boer Boersma thús?



*Boer Boersma wol mei syn trekker en heawein nei hûs, nei de buorkerij. Hy moat troch ûnderskate stikken lân en.... ek troch in stikmannich stekken. Hy wol net fan de trekker ôf om in stek iepen te dwaan. Nee, hy wit, dat hy thús komme kin troch stekken, dy't iepen stean. Op de hinne-reis hat hy dy iepen stean litten. Hoe kin hy thús komme sûnder ek mar ien stek iepen te dwaan? It kin! Besykje jimme it ek ris!*



Sjoeke Boersma



KOMT U ES KIJKEN ?

WIJ HEBBEN DE

NIEUWE  
VOORJAARSMODE

AL IN ONZE WINKEL !



**NAGEL**  
*Bergum, Schoolstraat 5*



## SOSIALE WURKLIST

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.

Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak. De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig. De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

Vrijdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

### OPENINGSTIJDEN:

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur

13.00 - 17.30 uur

Woensdagsmiddags gesloten.

Tel. 05127 - 1258

#### RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

Donderdagsavonds:

17.00 - 19.00 uur

Tel. 05127 - 1533

### NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur

13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

### UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begraving of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

### WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan't sneintojûn 24.00 oere

- |         |                                   |                          |
|---------|-----------------------------------|--------------------------|
| 6 mrt.  | H.J. Amelink<br>Greate Buorren 22 | Garyp<br>05117 - 1264    |
| 13 mrt. | C. van Staveren<br>Roundeel 56    | Aldegea<br>05127 - 1262  |
| 20 mrt. | S. Vriesinga<br>Torenlaan 17      | Eastermar<br>05129 - 221 |
| 27 mrt. | J.S. Meyboom<br>Kommisjewei 120   | De Pein<br>05127 - 1261  |

2, 3 en 4 april — Pasen: H.J. Amelink

### TSJERKE-TSJINSTEN

Griff. tsjerke, domeny H.J. Nolles, till. 1223

- |         |                         |   |
|---------|-------------------------|---|
| 6 mrt.  | 9.30 oere<br>13.45 oere | ds. H.J. Nolles<br>ds. G. Rikkers, Sumar                    |
| 9 mrt.  | 19.30 oere              | ds. H.J. Nolles, bidoere                                    |
| 13 mrt. | 9.30 oere<br>13.45 oere | dhr. O. Zanstra, Aldegea<br>dhr. C. Groeneveld, Paterswolde |
| 20 mrt. | 9.30 oere<br>13.45 oere | ds. G. Rikkers, Sumar<br>ds. H.J. Nolles                    |
| 27 mrt. | 9.30 oere<br>13.45 oere | dhr. A. Klein, Earnewâld<br>ds. H.J. Nolles                 |

Herf. tsjerke, domeny J.H. Hamoen, till. 05117 - 1228

- |         |                     |               |
|---------|---------------------|---------------|
| 6 mrt.  | 10.30 oere          | ds. De Haan   |
| 13 mrt. | 10.30 oere          | ds. Fokkema   |
| 20 mrt. | <b>10.45 oere !</b> | ds. Steenbeek |
| 27 mrt. | 10.30 oere          | ds. Hamoen    |

### SOASJAAL-KULTURELE WURKLIST

- |         |                       |  |
|---------|-----------------------|--|
| 1 mrt.  | 20.00 oere            | gem. Smell.lân. Riedsgearkomst.  |
| 1 mrt.  | 19.30 oere            | begraffenisferiening. Jiergearkomst. It Miensker.                                |
| 4 mrt.  | 20.00 oere            | feestjûn Fûgelwacht-Wettersportferiening. It Miensker.                           |
| 7 mrt.  | 19.30 oere            | jierlikse ledegearkomst Doarpsbelang. It Miensker.                               |
| 9 mrt.  | 19.00 -<br>21.00 oere | skriuwjûn Amnesty-International. Bibleteek.                                      |
| 10 mrt. | 20.00 oere            | gem. Smell.lân. Gearkomst kommisje fan ûnderwiis.                                |
| 14 mrt. | 20.00 oere            | gem. Smell.lân. Gearkomst kommisje wolwêzenssaken en kommisje iepenbiere wurken. |
| 15 mrt. | 20.00 oere            | gem. Smell.lân. Gearkomst kommisje algemiene saken.                              |
| 16 mrt. | 20.00 oere            | gem. Smell.lân. Gearkomst kommisje romtlike oardering en folkshûsfêsting.        |
| 17 mrt. | 20.00 oere            | gem. Smell.lân. Gearkomst kommisje fan finânsjes en ekonomyske saken.            |
| 18 mrt. | 20.00 oere            | alderjûn kristlike skoalle. It Miensker.   |
| 26 mrt. |                       | opheljen fan âld papier.   |

### DIEREDOKTERS

**S. DE BOER, Hegewei 6, De Pein.**

Boadskippen 8 - 9 oere. Lytse húsdieren op ôfspraak. Till. 05127 - 1665.

**D.G. RYPKEMA, G. Boelensstrjitte 120, Drachten.**

Sprekoeere 8 - 9 oere, 19.00 - 19.30 oere, útsein freed. Till. 05120 - 13757.



# HANDELSDRUKWERK

Strooifolders  
Prijscouranten  
Circulaires  
Fakturen  
Briefpapier  
Kleurendrukwerk  
Etc.

*Bij ons heeft U een ruime  
keuze uit de meest  
originele*

**GEBOORTE-  
VERLOVINGS-  
HUWELIJKSKAARTEN**

*Deze kaarten kunt U  
uitzoeken bij:*

**JANKE en BAUKE DE VRIES**

***Buorren 39a Oudega***

***Tel. 05127 - 2417***

*Ook 's avonds kunt U daar terecht*

